

## **Gearkomste Genealogysk Wurkferbân 26 oktober 2024 om 13.30 oere yn Tresoar Ljouwert**

Foarsitter Gosse van der Plaats iepent de gearkomste en hjit elkenien wolkom.

Berjocht fan behindering fan: ús skriuwer Jabik van der Bij, de skriuwer fan de NGV Friesland Jeroen Hofstra, Tineke Hartman en Bouwe van der Meulen.

Der wurde 3 ferslaggen fêststeld, dy fan de gearkomsten fan 6 jannewaris, 3 febrewaris en 8 april.

Dan is it wurd oan Karel Oosterling, dy't hjoed wat fertelle sil oer de walfiskjacht yn 'e 17<sup>e</sup> en 18<sup>e</sup> iuw en wat dit foar Fryslân betsjutten hat.

Hy hat hjir in mânsk boek oer skreaun.

Wêrom de ynteresse foar dit ûnderwerp.

Doe't de sprekker dwaande wie mei ûndersyk nei syn foarâlden kaam er der efter dat ien fan syn foarâlden 6 generaasjes werom Hendrik Jacobs Oosterling kommandeur wie op de walfiskfeart. Dizze Hendrik Jacobsz Oosterling kaam fan it doarpke Buren op it



Amelân en ek syn heit Jacob Hendriksz wie kommandeur. Hoe kamen hja oan de namme Oosterling? Dat is net alheel dúdlik. De sprekker tinkt dat it komt om't syn foarâlden oan de noardeastkant fan Spitsbergen op walfisken jagen. De measte kommandeurs jagen oan de noardwestkant. Oan de noardeastkant wie it gefaar op it ynfriezen fan it skip folle grutter, mar oan dy kant wiene wol de measte walfisken. Syn foarâlden gongen dus om de east en kamen mooglik sa oan de namme Oosterling.

Wêrom hat de sprekker dit boek publisearre? Der wie wol ien en oar skreaun oer de walfiskfeart, mar der wie gjin kompleet oersjoch, heechst wat fragminten. Mei dit boek binne de gatten foar it grutste part opfolle. It omfiemet de perioade 1610 – 1803.

It fangen fan walfisken wie gefaarlik wurk. Yn in fangfloep sieten 6 minsken: harpoenier, meastal de kommandeur; stjoerman en roeiers linsjitters. As de harpoen yn de walfisk siet, wie it saak om fier fan de sturt te bliuwen. Mei de sturt koe de walfisk de floep maklik stikken slaan. Dûkte de walfisk nei de djippte, dan moasten de linen kapt wurde om net mei ûnder te gean.

Der wiene in pear gebieten der't op walfisken jage waard: by Spitsbergen, Nova Zembla en oan de westkant fan Grienlân, Staat Davis.

Yn de 17<sup>e</sup> en 18<sup>e</sup> iuw wie ús lân in grutte spiler yn de walfiskfangst. De kommandeurs kamen foaral fan de Noardseekust, de eilannen en de plakken oan de Sudersee. Ek de Noardfryske (destiids Deenske) eilannen en Borkum leveren nochal wat kommandeurs. Sa'n 18% fan de kommandeurs kaam út it hjoeddeiske Fryslân, meast fan Amelân, Skylge en Flylân.

Faak wiene de kommandeurs famylje fan inoar. By it ûndersyk is it goed te betinken dat kommandeur net itselde wie as skipper. Dit blykt út de befrachtingskontrakten. Yn it notarieel argyf fan Amsterdam binne dy kontrakten te finen.

De reders en ek de skipsbouwers út de Saanstreek wiene de motor efter de walfiskfangst. Yn Fryslân sieten de reders foaral yn Harns. Ek yn Amsterdam sieten reders fan Fryske oarsprong. In protte reders wiene fan menniste komôf. Sprekker is sels ek nei Grienlân west om der te sjen wat der noch fan dizze histoarje te finen is. In protte dokuminten út it argyf fan Grienlân binne ferlen gien doe't dy mei in skip nei Denemarken brocht waarden. Dit skip is fergien en de dokuminten lizze mei it skip op de seeboaiem.

Wa 't mear witte wol kin terjochte op de ynternetside [www.oudewalvisvaart.nl](http://www.oudewalvisvaart.nl) . Kontakt kin fia de email [omdenoost@gmail.com](mailto:omdenoost@gmail.com) . Fia dit mailadres is de folsleine presintaasje fan dizze middei ek op te freegjen.

Der wie neat foar it omfreegjen en foarsitter Gosse van der Plaats koe de gearkomste slute.

**Folgjende gearkomsten:** fan de NGV is 16 novimber en fan it Wurkferbân 30 novimber. Dan is de presintaasje fan it Genealogysk jierboek 2024

